



**Fryske Tsjinst
Maranatha-tsjerke**



**snein 25 augustus 2019 16.00 oere
't Harde**

Tema: Lit de moedfearren net hingje!

Foargonger: Ds. Ida Boersma – Prins Wapenveld

oargelist: Corné van Doorne

Koperblazers

(Foar de tsjinst: koperblazers oant 5 min. foar de tsjinst, dan oargel)

Wolkom troch de âlderling fan tsjinst

Ps. 27 : 5, 7 (koper)

5) O Hear, Jo wienen yn ferfleine jierren
myn helper en ferhearder fan 't gebed.
Ik smeeke Jo, stean no ek net fan fierren,
God fan myn heil, bejou, ferlit my net.
Al bin ik ek ferlitten as in bern
fan heit en mem, jo gloarje sil ik sjen.
Jo hearre my, wannear't ik ta Jo rop
en nimme my as ien fan jowes op.

7) Hie ik net leaud, soe ik net fêst fertrouwe
dat ik Gods goedens om my hinne seach,
koe 'k yn dit libben op syn heil net bouwe
ik wie fergien yn al myn pine_en pleach.
Jou gjin belies, haw goede moed, myn hert,
hoopje_op de Hear, Hy komt, ferjit dy net.
Wês sterk en stel op syn oerwinningsdei
dyn hoop en wit, de Hear is kommenswei !

Stil gebed, Ús Help en groetnis

Nlb. 173 : 1, 3 (oargel)

1) Kom mei, seit David, allegear,
dan helje wy Gods arke wer.
De Hear is net mear liik op ús,
Hy komt yn Israël wer thús.
No daget der in nije tiid,
Wy sjonge lûd en dûnsje bliid
om ús loksillich lot
by de harp en de siter en de rinkelbom.
De Hear komt by syn folk werom.
Hosanna, grut is God.

3) De kening, dy 't yn de_optocht giet,
dy sjongt syn alderheechste liet.
Hy nimt syn buorfrou by de hân,
hjir is gjin rang mear en gjin stân,
want heech en leech en earm en ryk
binne_allegear by God allyk.
Hja sjonge lûd en klear
by de harp en de siter en de rinkelbom
fan halleluja, sjong Gods rom.
Hosanna, sjong de Hear.

Ynlieding

Liet 218 (Evangelisch Lieteboek) (oargel)

1) Mei- inoar yn Jezus namme
Sjonge wy it heechste liet
Want de Geast jout ús syn namme
Taal, dy't elkenien ferstiet
Biddend om Gods plan te kennen
Binn'wy mei-inoar op wei
Sykjend, sjongend, tsjûgend, tsjinjend
Optein nei syn grutte dei.

2) Hy oerwûn en waard ferhege
Midsman, dy't foar ús ferstoar
Jezus iep'ne ús de wegen
Nei de Heit en nei elkoar
Hert en hannen heech nei boppen
Bringe wy Jo tank en ear
Troch Jo Geast is't dat wy roppe
Jezus Kristus is de Hear

Gebed

Paadwizer

Nib 885 : 1, 2 (koper)

1) Grut is jo trou, o Hear, Heit yn 'e himel;
der is gjin skyn fan feroaring by Jo.
Lykas Jo wiene yn leafde_en begrutsjen,
sa sill` Jo bliuwe en binne Jo no.
Refr.:
Grut is jo trou, o Hear, grut is jo trou, o Hear,
en jo genede is elke moarn nij.
Jo hân hat soarge foar al wat ik brek wie;
grut is jo trou, o Hear, altyd foar my.

2) Sûndeferjouwing en libbensfernijing
jouwe my blydskip en frede yn `t hert,
krêft om te striden en moed foar de takomst,
seine foar my en foar wa`t by Jo heart.
Refr.

We lêze út'e bibel: Hannelingen 27 : 13 – 26

“It skip rekket yn needwaar fersyld”

13) Doe `t der in sêfte sudewyn begûn te waaien, mienden se dat har opset slagje soe, se lichten it anker en sylden deun ûnder Kreta lâns. 14) Mar it duorre mar even, doe barste der fan it eilân ôf in stoarmwyn los, dy `t Euraquilo (de noardeaster) hjit. 15) It skip waard meisleept, it koe de kop net mear yn 'e wyn hâlde, sadwaande joegen wy it oer en lieten ús mar driuwe. 16) Doe `t wy yn `e lijte fan in eilantsje foeren, dat Klauda hjit koenen wy mar mei lijn baas wurde oer de sloep. 17) Doe `t se dy oan board hyst hienen, bûnen se by wize fan needmaatregel kabels om it skip, en omdat se bang wienen op `e Syrte te slaan, makken se de driuwankers los en lieten har sa driuwe. 18) Omdat de stoarm ús slim tramtearre, smieten se de oare deis fracht oer board, 19) en de tredde deis smieten se mei har eigen hannen de takelaazje yn see. 20) Doe `t der dagenlang gjin sinne of stjerren te bespeuren wienen, en de stoarm fûleindich op ús oanfoel, waard ús lêste bytsje hoop, dat wy it libben der ôf rêde soenen, njonkenlytsen wei. 21) Omdat al gâns in skoft net ien der iten troch krije koe, gong Paulus doe midden tusken harren stean en sei: Mannen, jimme hienen nei my harkje en net fan Kreta ôffarre moatten, dan hienen jim jim dit ûngemak en dizze skea besparje kinnen. 22) Mar ek no noch trúnje ik jimme oan, **de moedfearren net hingje te litten**, want net ien fan jimme sil it libben der by ferspylje, inkeld it skip giet ferlern. 23) Want fannacht is my in ingel ferskynd fan de God oan wa 't ik hear en dy 't ik tsjinje. 24) Dy sei: Wês net bang Paulus; do moatst foar de keizer ferskine en no hat God dy jûn dat it libben fan dyn reisgenoaten sparre wurde sil.

25) Derom mannen, hâld mar moed; ik betrou op God, dat alles sa komme sil as my sein is. 26) Mar wy moatte earst op it iene of oare eilân rinne.

Liet 107: 1 en 3 (Fryslan sjongt) (oargel)

1) Skipke fan ús Jezus' hoede, heech de heilsbanier fan't krús,
Bringt as arke fan bihâldnis al Gods earne doarmers thús.
En brûst de sé mei weagebrân en bilet wylde wyn,
't giet op de blide haven yn en 't riizjend ljochte strân.

3) Earmelytsen, sjoch de krúsflach wapp`rjend heech oer d'
oaséaen,
Rêst by Jezus, dy't Him folgje sil gjin stoarm of floed forslaen.
Sa riist ús psalm nei't himelsk lân op amme fan 'e wyn:
't Giet op 'e blide haven yn en 't noegjend ljochte strân.

Wy lêze fierder út Hebr. 12:1-3

“Wês trou”

1) Wy hawwe sa'n macht getugen om ús hinne. Dêrom moatte wy alles dat ús hinderet, ôflizze, benammen de sûnde, dêr `t wy sa maklik yn fertiisd reitsje, en dan mei stânfestens de baan, dy `t foar ús leit útrinne. 2) Hâld Jezus yn it each, dy`t ús liedt en ta de folsleinens bringt op `e wei fan it leauwen. De freugde lei foar Him, mar ynpleats hat Er it krús op Him nommen en dy skande net teld en hat dan ek sit nommen oan `e rjochterhân fan `e troan fan God. 3) Tink dan oan Him, dy `t safolle tsjinstân fan `e sûnders ferneare woe. Jimme moatte de **moedfearren net hingje litte** en gjin belies jaan.

Nlb 801: 1 en 2 allegearre, 3 manlju, 4 froulju, 6 en 7 allegearre
(koper) A

1) Troch de nacht fan soargen hinne
rinne pylgers nei de moarn,
sy dy` t net mear wachtsje kinne
reiz` gje op `e himel oan.,

A

2) fol fertrouwen lieten sjongend
oant sy yn it ivich ljocht
yn elk mins de wjerskyn sjogge
fan de leafdeglim fan God.

M

3) Troch de nacht giet ús de lôge
fan Gods mylde wêzen foar,
winkt it ljocht dat noait wer dôvet,
stean wy foar de iepen doar.

F

4) Want ús hert, it paad soms bjuster,
is fan Gods genede wis;
`t giet de krústocht troch it tsjuster
nei in dei dy` t ivich is.

A

6) Ien fan hert en ien fan sinnen,
ien yn al ús ierdske striid,
ien yn de ivichheid te winnen
as in ein komt oan de tiid,

A

7) sa gean wy hjir mei-inoarren
troch de nacht en sykje ús thús,
pylgers dy `t de moed bewarren,
de_eagen rjochte op it krús.

Preek

Nlb 657: 1, 2 en 4 (oargel)

1) Fan Jo ha wy ûntfongen
– sa hawwe Jo ús tocht –
de jefte om te sjongen
fan wat jo leafde docht:
de iene minske_is de_oare
ornearre as geskink,
sadat yn ús akkoarden
ús tank oan Jo wjerklinkt.

2) Al kin ik sels net sjonge
omdat it my beset,
it liet op oare tongen
seit: God ferjit dy net!
Troch azemneed befongen,
of troch fertriet soms stil:
jo liet fan langst te sjongen
hat my nei 't ljocht ta tild.

4) Ús liet wurdt altyd droegen
troch hoop dy`t freze_oerwint,
it komt de eangst te boppe
om 't libben dat ferrint.
It sjongt fan fiere fierten,
– jo geastkrêft trunet ús oan –
en skielk sil `t sûnder mjitte
ek klinke foar jo troan.

Bidde en danke

Ponkje rinne

Nlb150A : 1-3 (koper)

1) O priizgje de Hear om `t wurd dat Hy brocht.
Sjong bliid ta syn ear, jim ingels fan `t ljocht.
Foar dy`t alles makke, sjong, himels in liet,
bring tank oan de Iene, dy`t noed foar ús stiet.

2) O priizgje de Hear! Oanbid Him, o wrâld,
dy`t lykas in heit fan minskebern hâldt,
O loovje jim Heare mei jûchjende stim,
Wês bliid mei syn leafde en libje foar Him.

3) O priizgje de Hear! Lit klinke rûnom
in liet ta syn ear: Hy sjocht nei ús om.
Lit jubelje_ it oargel, lit harp en trompet
de gloarje fertolkje fan Him dy`t ûs rêdt.

Segen

beantwurde troch songen : Amen, amen, amen

Neipetear mei kofje en tee

